

Gysbert Japicxpriis

J.Q. Smink: Dichtsje as útlaatklep

It krijen fan de Gysbert Japicxpriis 2013, foar syn dichtbondel *Sondelfal*, fielt foar Jacobus Q. Smink (1954) as in wûnder. „It jout in enoarme boost. Mar der is ek druk. Ik moat der aanst yn Boalsert by it útrikken fan de priis wol stean.” Troch **Gerbrich van der Meer**.

Hy hat der mar min fan sliept, fannacht. Eins de hiele wike al. „De Gysbert Japicxpriis krije, is prachtich, mar al dy mediaoandacht dy't der út fuortkomt op ynternet en de kranten, dêr hie ik gjin rekken mei hâlden”, fertelt Smink, soarchfâldich sykjend nei wurden.

Wy sitte yn Nijemirdum oan de keukenstafel, yn it 'húske fan hâldoan' by syn jongere suster Sietske. Dêr sliept er measten-tiids as er út syn wenplak Eindhoven wei in pear dagen yn Fryslân tahâldt.

Doe't sjueryfoarsitter Goffe Jensma yn Ljouwert op it Frysk boekefeest bekendmakke dat de priis foar *Sondelfal* wie, koe Smink it hast net leauwe. „Ik fûn it in wûnder”, seit er beskieden. „Tagelyk haw ik der noch hieltyd muoite mei om dermei om te gean. Ik kin min komplimenten ûntfange. Wêrom? Ach, dat hat ek mei jins selsbyld te krijen. Ik bin wol wiis mei mysels, hear, en ik bin wol bliid dat ik in bepaalde kwaliteit yn it skriuwen haw, mar dat je de wichtichste literêre priis krije, dat hie ik my net foarsteld. Dat is in hiele grutte eare.” En it is arbitrêr, seit er. „Ik fyn mysels net better as Eppie Dam, Eeltsje Hettinga, Tsjêbbe Hettinga, Elske Kampen, Abe de Vries of Harmen Wind, de oare seis nominearren, lit stean party oaren. Ik wol mysels net op in heger plan sette. Miskien hat de sjuery my wol útkeazen omdat ik gewoan wat apart skriuw. Ik kin net oars. In dichter moat syn eigen gedichten skriuwe.”

It moat yn 'e pubertiid west hawwe dat er syn earste fersen makke. „Ik siet op de Hafû op De Him yn Snits by Jaep de Jong yn 'e klasse. Dy skreau wol

Fryske fersen. Hy hat letter sels noch trije bondels skreaun. Kinst wol sizze dat dy my oanstutsen hat. Dan praten wy ôf om in gedichtsje te meitsjen oer in bepaald ûnderwerp. Bygelyks in leafdesgedichtsje. In pear dagen letter beseagen wy it op skoalle fan elkoar en joegen kommin-taar. As wy it goed genôch fûnen, beaen wy it oan oan *Och*, sa hiet de skoalkrante fan De Him. Ja, dy wiene der altyd bliid mei.” Pop-teksten oersetse út it Ingelsk wei nei it Frysk of Hollânsk wie ek moai wurk. „Ik hie myn keamer fol te hingjen mei posters fan

myn grutte ikoan Jimi Hendrix, fan Bob Dylan, mar ek fan Boudevin de Groot. Ik hâlde fan harren muzyk en teksten.”

Nee, it heucht him net dat er as bern al dichte. „Mar wy moasten op skoalle wol alle wiken fersen foardrage. Lykas *Abe Sjipsop* fan Diet Huber. Dat fûn ik moai. Hiel wat oars as dy psalmen.” Hy glimket. „Ik naam de teksten hiel letterlik, mar koe der net yn meigean. As protest learde ik de fersen net goed. Myn broers kamen mei njoggenen en tsienen thús. Ik krige in seis. In genadeseis, sille we mar sizze. Ja, yn de bondel fynst der noch in fers oer werom: *Psalm oer*.” Dochs draaide er in pear jier letter noch in jier lang de sneinskoalle. „Mei Doete van der Meer. Mar ik koe dy bibelske ferhalen fierstente te maklik ferkeapje oan de bern. Ik wit noch dat ik it krystferhaal út it perspektyf fan in fûgeltsje fertelde dat op de râne fan de stâl siet. De bern hongen oan myn lippen en leauden alles wat ik sei. Dat fûn ik te maklik en bin der doe mei ophâlden. Letter pas, seach ik mear it belang fan in sosjale mienskip.”

Oergefoelich

Jacobus Smink waard yn 1954 berne yn Sondel as fjirde yn in húshâlding fan njoggen bern. „Ik wie botte asmatysk. Oergefoelich, neamde ús mem it. No, dat is lestich op in buorkerij. De ammonia en it hea wurke my op de longen. Dan hie ik it al gau benaud. Ik koe my dêrom ek net yn it boerelibben jaan. Dat pleatst dy wol yn in isolemint, ja. As myn bruorren en susters yn it hea sieten, wie ik by ús mem. Dan wurde je al gau in memmejonkje.” Smink wie troch dy astma ek gauris útfanhûs. „Letter kamen wy op

it idee om it keammerke fan it âld stookhut yn te rjochtsjen as sliepkeamer. Dêr stoarte ik my al gau op de boeken.” Boer wurde soe neat wurde, wist er. „Us heit hie my de technyske kant op hawwe wollen. Mar ik prak-

Ik kin net oars. In dichter moat syn eigen gedichten skriuwe

kesearre der net oer om nei de ambachtskoalle ta mei allinnich mar jonges. Foar my betsjutte dat fan de iene yn de oare rúzje falle. Ik wit noch dat in klasgenoat my op de legerre skoalle foar de fuotten goaide dat Daf-auto's neat wurdich wiene. Wylst ús heit in Daf hie! Soks waard dan mei de klomp op it plein útfochten. Neat foar my. Sa bedarre ik op de mulo.” Mar ús heit hie wol goed sjoen dat ik gefoel hie foar technyk, ferfolget Smink. „Ik wie thús dejinge dy't de fytsen ûnderhâlde en de elektrisiteit die.” Stikem fynt er it ek prachtich om al dy technyske ferhalen op syn Eindhovenske motorklub op te heinen. „Ek al kin ik it allegear net by neikomme, ik fiel my der wol o sa thús by.”

Nei de Hafû yn Snits bedarre Smink op de learareoplieding Ubbo Emmius yn Grins, dêr't er Nederlânsk studearre. Dêr kaam er fia syn dosint Sybe Sybesma yn kontakt mei Quatrebras, de Frysk-literêre streaming út de sechtiger jierren dy't fuortbordueret op de Nederlânske streaming, de Vijftigers. „Sybesma wie sels ek sa'n Quatrebras-man. By syn lessen

krigen wy in protte kopyen fan him taskikt mei fersen fan Hessel Miedema, Jelle en Steven de Jong. Dêr fertelde er dan oer. Miskien wie dat net botte profesjoneel, mar foar my wie it in eachiepener. Ik kaam foar it earst yn 'e kunde mei de Frysk Eksperimentelen.”

Doe't Smink yn 1980 yn Eindhoven in baan krige as learaar Nederlânsk en dêr kaam te wenjen mei syn earste frou en fjouwer dochters, hâlde er kontakt mei syn Fryske literêre confraters. „Dichtsje yn it Frysk yn Eindhoven is bêst iensum wurk, mar it kin net oars. Ik lûk yn it dichtsjen gewoan nei it Frysk ta. Krekt as hâlde je jins thús noch wat fêst.” Sûnt 1975 makket er mei ûnderbrekkings diel út fan de redaksje fan literêr tydskrift *Hjir*, letter *Ensafn*. Op dit stuit reizget er noch ien kear yn 'e fjirtjin dagen foar de redaksje-gearkomsten op en del, fertelt er. Ekonomysk is er net mear bûn oan de designstêd. „Mar ik doch

Skeppe foar kreupele Jelle

**De bytsje stikkene koaleskeppe yn 'e sânbak
Kinst moai sânaaien mei bakke
No't der oalje is
Of letter gas**

**Ik hoech net mear om
branje nei it weinhok
Ta yn 't healtsjuster de kit
oan 'e nok
Ta mei antrasyt
Of minekoal**

**En op in moanjende sneon
Komt kreupele Jelle op âld
izer ta
Alle reade kramtrieden
wol er ha**

**En alles giet op 'e ladebak
En yn myn iver fan it laden
fan 'e izerbak
Ek de koaleskeppe dêr't ik
sânaaien mei bak**

Ut: *Sûndefal*

Sierreis

**Op twa tsjillen raast
De rider mei in stoarm
Yn 'e helm rûs yn it ear
Yn 'e klean fan lear
Troch it hôf fan it gea**

**Neat is him yn 'e wei
Sierlik as in sjarlatan
Nimt er de bochten mei
Hy swingt sigeseage
Wer in spjilde weage**

**En as er begjint te tizen
Komt him har yn 't sin
It stjoer dat trillet him
Mei in ravyn bewizen**